

Knilles Wytstes

skreaun foar de Master de Vriesskoalle yn 2000

kearsang:

*Knilles Wytstes is in wûnder man
hy kin genêze
dat moat sa wêze
want elk sprekt der noch bysûnder fan
ja, hy kriget alles foar elkoar
Knilles Wytstes is in wûnder man
hy kin genêze
dat moat sa wêze
want elk sprekt der noch bysûnder fan
hy is wrâldferneamd yn hiel Sumar.*

C F C
Dm
C
C F C
D7 G7
C F C
Dm
C
C F C
G7 C

op in kear kaam der in man mei syn soan, dy koe net rinne
fretterij yn eltse foet, nee dit like lang net goed
Knilles sei: graaf in djip gat, kninelapkes om 'e skonken
lit him dêr in skoft yn stean en dan kin hy sels wer gean

Am Dm G7 C
E7 Am F E7
Am Dm G7 C
E7 Am G7

kearsang:

nim dy suster fan Marij: altyd pine yn 'e holle
dus nei Knilles Wytstes ta, dy soe der wol wat foar ha
Knilles dy wie gau beret: stek de holle yn in amer
fol mei sûpengroattenbrij: dan is it samar foarby!

kearsang:

in jongfaam fan Eastermar hie sa'n lêst fan ekstereagen
sa ferskriklik stuts dat har, dat sy reizge nei Sumar
Knilles makke 'n salfke klear fan rattekrûd en poddepoaten
efkes smarre mei dit guod: de ekstereagen wiene fuort!

kearsang:

sels de boargemaster kaam mei syn pine yn 'e nekke
hyltyd in ferrutsen spier want syn ketting wie sa swier
Knilles raande oksesmoar yn in farske bargebongel
"dit ûnder de kraach, menear!", boargemaster wie wer klear!